



IK BELJE DE RIDENDE RJOCHTER WOL

(Dan bel ik de rijdende rechter wel)

Blijspul yn fjouwer bedriuwen

troch

NICO TORRENGA

Fryske oersetting fan

Griet Reitsma-de Jong

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **IK BELJE DE RIDENDE RJOCHTER WOL – DAN BEL IK DE RIJDENDE RECHTER WEL** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NICO TORRENGA - vertaling GRIET REITSMA-DE JONG** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2023 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

Telefoon (03)3.66.44.00,

E-mail: bestellen@toneelfonds.be en Website: www.toneelfonds.be.

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSONAAZJES:

Henk Poort

Fimke – syn frou

Pepijn Lankhorst - buorman

Manon – syn frou

Tamara Slijkhuizen - oerbuorfrou

Jan – har soan

Florin m/v – kameraman (1^e en 2^e bedriuw)

Schouten m/v – buorman 3^e bedriuw

Ingmar m/v – presintator

Tom Broekmans – akteur/ rjochter

(9 a 10 spilers, 3/5 dames, 6/4 hearen)

DEKÔR:

Earste bedriuw: oan 'e sydkant foar in part twa gevels fan wenningen. Yn 'e midden in dûbele garaazje. Links tusken de garaazje en it hûs in griene hage, rjochts tusken de garaazje en it hûs in sket. Beide gevels hawwe in rût en in foardoar. It hûs fan Poort hat in bankje tsjin de gevel en in soad plantsjes en linten en flinten. It hûs van Lankhorst is strak en keal.

EARSTE BEDRIUW

HENK: (*pensjonearre timmerman, folksman, mei graach in buorreltsje, is wat in rûchhouwer. Komt foar de gerdinen en seit noartsk*) Ast mei modder smytst, dan krijst it werom! ... Wat mient dy fint wol net! (*ôf*)

PEPIJN: (*studintikoas type, praat skiteldeflich. Ferskynt op it toaniel en seit arrogant*) Ik sil dy mislearre timmerman van hjirneist wolris in toantsje leger sjonge litte! (*ôf*)

FIMKE: (*húsfrou, folkstype, gewoanwei sa goed as bôle, mar ast oan har Henk komst dan ... Komt lilck op mei in stofdoek yn 'e hân dy't se útkloppet. Fan tefoaren wat moal op 'e stofdoek dwaan*) Sa! It hûs is earst wer skjîn. Lit dy kameraploech mar komme!

MANON: (*kreaze jongedame. Modieus koart pittich kapsel. Tige senuweftich type. Komt op (hat in lytse poppe op 'e earm) wylst Fimke ôf gean wol. Se sjogge elkoar even oan, dan giet Fimke sûnder wat te sizzen ôf. Happend nei de siken seit se tsjin it publyk*) Seagen jo dat? Hawwe jo dat sjoen? Neffens my docht se it der gewoan om. Echt wier! (*mimerjend*) Oeh... Ik kin der net mear oer. Ik kin der wier net mear oer. (*gûlend ôf, baltend achter de gerdinen*) Ik wurd gek fan dat mins ... Stapelgek!

INGMAR: (*fersoarge, entûsjast, meilibjend type*) Goejûn bêste minsken. Ik bin Ingmar Vink, presintator van it tillefyzjeprogramma "De Rjochtfeardige Rjochter" No freegje jo jo grif ôf wat ik hjir doch. No, dat sil ik jo fertelle. Ik bin nammentlik yn it noarden fan ús provinsje. Dêr wenje Henk en Fimke Poort yn it moaie plakje (*namme fan it plak dêr't it stik spile wurdt*). In noflik plak om te wenjen soene je sizze, mar neat is minder wier. Want sûnt in pear jier is it ea sa freonlike doarp, dêr 't Henk en Fimke al mear as tritich wenje, feroare yn in kâlde omjouwing dêr 't sels kening winter kâlde fuotten fan krijt... neffens it pear. Henk wie troch buorman Pepijn frege om in lekkende dakkapel te renovearjen, mar de reparaasje is net bepaald fan in laaien dakje gien. Buorman Pepijn is net tefreden oer Henk syn klusfeardichheden en easket syn jild fan de makke kosten werom, dêr 't Henk op reagearret dat er it wurk mei de tichte beurs dien hat en dat de materialen gewoan foar buorman Pepijn syn eigen rekken binne. De put waard út klearebare buorreleafde dien, om it sa mar ris te sizzen. Mar de leafde moat dan wol fan twa kanten komme neffens buorman Henk. Yntusken is de leafde

aardich bekuolle en beide partijen kinne net mear tegearre troch ien doar. Heech tiid dat de Rjochtfeardige Rjochter en ik ôfreizgje nei de gemeente (*gemeente dêr't ik stik spile wurdt*) om de rêst yn (*plak dêr't it stik spile wurdt*) werom te bringen!

(*Doek iepen*)

FIMKE: (*komt op en bliuwt yn 'e foardoar stean. Sjocht earst wantrouwich de seal yn krekt as nimt se de strjitte yn har op en jout dan de plantsjes wetter*) It is my wat. As ik dit van tefoaren witten hie, dan hie ik myn hantekening net set. En no is it te let. (*sjocht de strjitte/ seal wer yn it rûn*) Wêrom haw ik ek net nei myn Henk lústere. (*suchtet*)

TAMARA: (*fia de seal op. In wat stevige âldere frou. Fleurich folkstype*) Joehoe... Buorfrou!

FIMKE: (*sjocht har, mar besiket gau út te naaien*) Och, nee wol ... Tamara Slijkhuizen ... Dêr sit ik al hielendal net op te wachtsjen. Ik moat sjen dat ik hjirwei kom.

TAMARA: (*mei in soad bombaarje it toaniel op, joviaal, drok type, himet sa no en dan*) Goemoarn Fimke.

FIMKE: (*krekt te let binnen. Suchtet, draait har dan kâldgnyskjend om*) Frou Slijkhuizen ... Wat in oangename ferrassing sa op 'e betide moarn.

TAMARA: Frou Slijkhuizen seit se. (*amikaal*) Mins, doch net sa formeel. Sis mar gewoan Tamara. Och... Ik bin wol sa senuweftich! Bisto ek senuweftich?

FIMKE: Gjin lêst fan.

TAMARA: No, ik wol hear. Ik fyn dat sa'n kreaze fint! (*gibeljend*)

FIMKE: Wa? Ingmar?

TAMARA: Ei nei ju, ik bedoel dy rjochter. As ik him yn syn seksy toga op 'e tillefyzje sjoch dan.. oeh, dan wol ik him wol bespringe.

FIMKE: (*laket*) Jo bliuwe in aparten, frou Slijkhuizen.

TAMARA: Tamara! Sis no gewoan Tamara! Wy binne no buorlju en kinne elkoar ommers wol tatoeëare, toch?

FIMKE: Tutojeare silst bedoele.

TAMARA: Ja ... Dat sis ik toch?

FIMKE: Do seist tatoeëare, mar it is tutojeare, hear.

TAMARA: (*misledige*) Nim my net kwea ôf, hear! Us mem sei eartiids al dat dyn mem it heech yn har bol hie, no do bist krekt sa ... En ek deselde grouwe barte.

FIMKE: Sorry?

TAMARA: As woest beweare dat it dysels noch net opfallen is datst wat oankommen bist?

FIMKE: (*docht in stapke tebek en besjocht Tamara van boppen nei ûnderen*) Hasto dysels de lêste tiid wolris yn 'e spegel sjoen? Op dy derriêre fan dy kinst sa stadichoan wol wenje!

TAMARA: Toe mar... Derriêre ... Alwer sa'n djoer wurd! (*sarkastysk*) Yn de grouwe Van Dale opsocht tink? (*Fimke sjocht eigenwiis de oare kant út*) Och heden, stap ik no op madam har lange teannen? No ik wit wol wat ik alle jûnen om in oere as tsien sjoch! Dan giet by jim de kuolkast iepen en dat is, oan dyn postuer te sjen, grif net om in appel as in woartel te pakken. De pûntsjes fleane der by dy hurder oan as...

FIMKE: (*ûnderbrekt har*) Och mins, sjoch nei dysels. En noch even oer dy mem fan dy ... dat earne skiep wennet net foar neat yn in ynstelling. Se is sa demint as in doar.

TAMARA: (*lilk*) No ja sis!

FIMKE: It is toch sa? Hoe giet it eins mei har dieet? Sit se noch hieltyd op dat dieet fan sûkelarje, advokaatsjes mei slachrjemme en tsiis en woarst?

TAMARA: Us mem mei dan in maatsje mear hawwe, mar ...

FIMKE: (*ûnderbrekt har*) In maatsje mear, seit se ... Mins, dy mem fan dy is ommers krekt in keameroaljefant! Mar dan wol ien mei in jurk fan it formaat fan in luchtballon en steunkousen oant de nâle ta. It is wol dúdlik fan wa'tsto it hast.

TAMARA: (*wat fan slach*) Nei de befalling fan ús Jan wol it mar net slagje om de ekstra pûntsjes der wer ôf te krijen.

FIMKE: Jan is 42 jier âld! Do hiest yntusken it figuer fan in lantearnepeal ha kind. Krekt as dyn twillingsuster Brechtsje, dy is sa meager as in roek. Te meager ast it my fregest.

TAMARA: Dat falt wol wat ta, hear.

FIMKE: Dat falt wol wat ta, seit se. Mins, tink nei! Se kin har ommers achter dyn biezemstôk wol ferstopje.. Tsjonge noch ta, ... Jim

meie dan in twilling wêze, jim ferskille dei en nacht. Ik begryp wier net dat jim mem jim net útinoar hâlde kin.

TAMARA: (*drôvich*) Troch de Alzheimer is mem in bytsje yn 'e war en...

FIMKE: (*synysk*) In bytsje yn 'e war, neamsto dat? Se seit tsjin elkenien yn it tehûs datsto oan de Miss Universe ferkiezings meidochst. As ik dy sa besjoch mei dyn.. (*fan alles opneame*) dan mei se tankber wêze dat it ûnthâld har yn 'e steek litten hat.

TAMARA: Hoedatsa?

FIMKE: As ik sa'n dochter hie, soe ik dat ek it leafst sa gau mooglik ferjitte wolle!

TAMARA: Sjoch, no komt de aap út 'e klean!

FIMKE: Mouwe. (*Tamara yn 'e war*) De aap komt út de mouwe en net út de klean. (*laket*) No witte wy fuort ek fan wa't dyn soan it ferstân krigen hat.

TAMARA: (*lilk*) Wat bisto in mislik stik potiten!

MANON: (*yn 'e foardoar. Nijmoadrich, kreaze frou, senuweftich type*) Wat is hjir te rêden? Myn wyfke besiket de binnenkant fan har eachjes te besjen, mar troch dat bekfjochtsjen fan jim is dat net te dwaan.

FIMKE: Gewoan in nûn deryn triuwe en de doar achter dy ticht lûke.

TAMARA: (*tsjin Fimke*) Bisto no ek al in ekspert op it mêd fan opfieden?

FIMKE: Ikke wol. Henk is ek krekt in lyts bern dy't bystjoerd wurde moat, dus...

MANON: Dat is wier, mar dêrom hoechst dy noch net mei de opfieding fan ús famke te bemuoien!

FIMKE: (*synysk*) Hokker opfieding?

TAMARA: (*rint nei Manon*) Lústerje mar net nei dat geëamel fan har, hear fanke. Wat sil sy der no fan witte, sy hat ommers gjin bern. Kom... ik help dy wol even. (*rint it hûs fan Manon yn*)

MANON: (*sjocht even de gong yn en flústeret dan tsjin Fimke*) Wat moat ik no mei buorfrou Tamara? Wat no as se der achter komt?

FIMKE: (*ûnderbrekt har*) Sy komt der net achter, want do spilest it spultsje gewoan mei. Want do witst it, no? Dy boete is net om 'e nocht.

MANON: (*senuweftich*) Do witst dat Tamara in nijsgjirrich aachje is. Se sil my grif fan alles oer jim freegje. (*tige senuweftich*) As ik mar net wat ferkeards sis.

FIMKE: Gewoan krekt dwaan as hawwe wy noch hekel oan elkoar, dan komt it wol goed. Net ien hoecht te witten dat alles in misferstân wie en dat wy it al útpraat ha.

TAMARA: (*yn 'e doar*) Wêr bliuwst no, Manon? Sa kin dy lytse skat fansels nooit sliepe. (*ôf*)

MANON: (*ropt har nei*) Ik hoopje dat it jo slagget om har yn de earms fan Morpheus te lizzen, frou Slijkhuizen.

TAMARA: (*wer op*) Yn de earms fan Morpheus? Har heit hjit toch Pepijn? En sis mar gewoan Tamara, leave. Wy kinne elkoar as buorlju ommers wol tatoeëare. (*ôf*)

MANON: (*tsjin Fimke*) Sei se no tatoeëare?

FIMKE: (*knikt fan ja, knypeaget*) Sukses dermei! Ik sil ris sjen oft dy Morpheus fan my al út syn nêst rôle is. (*giet laitsjend har hûs yn*)

MANON: (*op de achtergrûn gûlt in baby*) Och, lytse skat. Mem is der wol, hear. (*ôf*)

(*lûd fan in auto, tichtslaande autodoarren*)

INGMAR: (*op fia de seal*) Neffens my is it hjir, Florin.

FLORIN: (*bytsje casual eagjende, stoere jonge fint, praat Frysk mei in bûtenlânsk aksint, mar ferstiet it prima*) Wat isch hjir?

INGMAR: Wer in saak dy't rjochter Broekmans oplosse moat. Hasto de ynstruksjes lêzen dy't ik dy juster maild haw?

FLORIN: (*ferûntskuldigjend*) Ikke net dien ha. Ikke wol wol, mar dy kompjûter isch stoeken. Florin op tablet sjen wolle, mar isch stoeken. Doe op dy tillefoan sjen, mar isch...

INGMAR: (*ûnderbrekt him*) Lit my riede. Dy sil ek wol stoeken wêze!

FLORIN: (*lilk*) Nee. dy batterij isch leech.

INGMAR: (*wat yrriteare*) Soks tref ik dan wer, sit ik opskipe mei in kameraman dêr 't ik neat mei kin. (*suchtet*)

FLORIN: Ikke witte hoe kamera wurket. Ikke ha koersus dien.

INGMAR: In kursus? Wêr? Yn Futsjefinne?

FLORIN: Nee. Nee, gewoan hjir yn Fryslân. Wie in stoomkoersus op dy ynternet. Ikke witte wat ikke dwaan moat. Ha mar gjin noedel,

sjef.

INGMAR: Ik bin dyn sjef net. En rjochter Broekmans is dat ek net. Ron de Knol fan Omrop Fryslân is de grutte baas. En wy wurkje allegear foar him.

FLORIN: (*tinkt nei*) Dusch wy kollega's?

INGMAR: Ja.

FLORIN: (*ferheard*) Niksch mear, niksich minder?

INGMAR: Presys. It kwartsje is fallen.

FLORIN: (*sjocht om him hinne*) Wêr? Ik sjoch gjin kwartsje.

INGMAR: (*suchtet*) Dat is in siswize. Pak de kamera mar, dan rin ik alfêst nei de easkjende partij. (*rint nei de foardoar fan Henk en Fimke*)

FLORIN: Isch goed, sjef ... Eh ... kollega.

INGMAR: (*draait mei syn eagen, bellet oan*) It sil my benije mei wat foar ûnnoazel folk wy no wer te meitsjen krije. (*bellet wer oan*)

HENK: (*mei de holle boppe it sket*) Wy keapje net oan 'e doar. Dus!

INGMAR: Ik ferkeapje neat, menear.

HENK: O ... Jo binne gjin Jehova wol? Want dêr ha ik ek gjin belang by. En as jo fan in enerzjybedriuw binne, dan kinne jo ek opsoademiterte. En as jo fan in...

INGMAR: (*ûnderbrekt him, laket*) Ik kom foar de opnamen fan 'De Rjochtfearde Rjochter'.

HENK: (*ferheard*) Ei, gean wei...

INGMAR: Fuortgean? Mar jo binne dochs wol op 'e hichte brocht dat wy komme soene?

HENK: Wachtsje even! (*ropt*) Fim ... Fimke...

FIMKE: (*mei de holle boppe it sket*) Och fint, wat stiest dêr no te balten? Wat moat de buert wol net tinke? Aanst komme dy lju fan dat tillefyzjeprogramma en dan.. (*sjocht Ingmar ynienen, beskamme en praat oerdreaun freonlik*) Och, jim binne der al. Ik kom der oan, hear. (*ferdwynt efter it sket, in stik leven fan omfallende blompotten en sa*)

HENK: Sjoch dan ek út, slûge baarch!

INGMAR: (*soarchsum*) Is alles goed mei jo frou?

HENK: Wit ik it, se leit der noch mar krekt!

FIMKE: Stean dêr net sa ûnnoazel om dy hinne te sjen en help my even oerein, mokses.

HENK: *(foeterjend ôf)* Do witst ek altyd wer alle oandacht nei dysels te lûken, hin?

FIMKE: Praat gjin ûnsin en jou my in hân. *(krimmenearet nochal wat)*

INGMAR: Alles goed?

FIMKE: Ja hear. Neat brutsen. Alles docht it noch.

HENK: *(op fia foardoar)* Salang de snút noch op en del kin is alles yn oarder. *(laket)* Myn Fimke is sa taai as hier.

FIMKE: *(komt fia de foardoar krimmenearyjend op)* Ikke wol. Dat kin ik fan myn Henk net sizze. Jierren timmerman west. Altyd stoer praat mei de mannen op 'e wurkflier, mar as er in splinterke yn it fingerke hie dan jammere er moard en brân. *(sarkastysk)* No leave? Dan wie it hûs te lyts. Dan koest de traumahely wol komme litte. *(oerdreaun útsprekke)* Sa sear! *(Fimke en Ingmar laitsje)*

HENK: Ei ja ju, set my mar wer foar skut. Mar earlik wier, ik ferrekte fan 'e ...

FIMKE: *(lûd, synysk)* Sa sear!

HENK: Dy splinter *(oerdriuwt nochal wat)* wie wol sa lang! ... Dus!

FIMKE: Ja ja ... oerdriuwe is ek in fak.

HENK: *(ferstuivere)* Oerdriuwe? Oerdriuwe?

FIMKE: Ja. Oerdriuwe. Dat dochsto altyd, Henk Poort. Of bist dat foarfal yn 'e bykeuken fergetten? Do witst wol ... dat mei dyn foet. *(laket. Tsjin Ingmar)* Hy âle sa, Martien Meiland wie der neat by!

HENK: *(serieus)* Dat is net om te laitsjen ... Ik tocht wier dat alle bonken yn myn foet brutsen wiene. Ik gong sawat út 'e tiid!

FIMKE: *(sarkastysk)* Hè, leave.

HENK: *(tsjin Ingmar)* It hie net folle skeeld as myn foet hie derôf moatten. *(Fimke laket)*

INGMAR: *(meilibjend)* Dat miene jo net?

FIMKE: Och, lústerje mar net nei dy jankmasine! De pot augurken wie der slimmer oan ta as dy poat fan dy.

HENK: *(wiidweidich tsjin Ingmar)* In folle pot augurken stie boppe-op de kast doe't ik in misstap die en tsjin de foarriedkast foel. De

kast wibeke wêtroch de pot augurken presys op myn foet foel.
Do koest alle bonken kreakjen hearre!

INGMAR: *(mei in pynlik gesicht)* Au!

HENK: Dat dus!

FIMKE: *(skodhollet)* Mar dy stumper seit der net by dat er syn wurkskuon mei stielen noazen oan hie. *(laitsjend)* Moatst him ris sjen as er de gryp hat ... Eh... ik bedoel dan fansels *(mei klam)* de mannegryp! Ien en al drama! Krekt in toanielstik. Ja, wier!

INGMAR: *(laket)* Gean jim altyd sa leafdefol mei elkoar om?

HENK: Myn Fimke nimt myn leed noait serieus!

FIMKE: *(bepopkjend)* Hè leave, wat hast it dreech...

HENK: Och mins, krij de hik! Wêrom dochsto altyd sa raar as it om myn swakke gestel giet? Hoe kinsto no witte hoe siik ik my fiel as ik de mannegryp ha? It hjit net foar neat de mannegryp! Hasto der oait wolris by stilstien dat dy in stik slimmer is as de gewoane gryp! Grif net, want dat begrypst sawysa net. Want do bist in frou en gjin man. En dat bin ik wol! ... Dus! *(giet lilik nei binnen)*

FIMKE: *(lilk)* Ja, rin mar wer fuort, sloppeling! *(skodholjend)* en dat fynt himsels in echte man.

INGMAR: *(wat ûngemaklik)* Eh ... Ik miende dat rjochter Broekmans foar in buorrerûzje komt ... toch?

FIMKE: Ja!

INGMAR: *(ferromme)* No.. gelokkich, want ik krige even de yndruk dat it hjir op in echtskieding útdraaie soe.

FIMKE: Nee hear... Dy âlde brombear fan my nimt even in gleske bier en dan is er it sa wer fergetten.

INGMAR: Bier? Moarns betiid al?

FIMKE: *(sjocht op it horloazje)* Hoesa betiid? It is al kertier oer tsienen.

INGMAR: *(laket)* Giet er altyd oan it bier as jim spul hân ha?

FIMKE: Ja.

INGMAR: En hoe faak ha jim spul?

FIMKE: O, net sa faak, hear.

INGMAR: *(laket)* Gelokkich mar!

FIMKE: Op syn heechst tsien kear deis! *(Ingmar hâldt fuort op fan*

laitsjen) Mar hawar ... ik sil earst even in lekker bakje kofje sette.

INGMAR: Sil ik oars earst mar even nei de buorlju ta te praten? Oars is rjochter Broekmans hjir aanst en moat ik noch begjinne. En as ik oan it dossier tink liket my dy saak dreech genôch.

FIMKE: My bêst. Doch se foaral net de groeten fan my. (*ôf*)

INGMAR: (*rint mompeljend nei de foardoar fan de buorlju*) Sei se no foaral de groeten dwaan as foaral net de groeten dwaan? (*bellet oan*)

TAMARA: (*docht de doar iepen, skrikt en reagearet hiel entûsjast*) Oeh... Ingmar Vink... Wat geweldich om dy yn it echt te sjen!

INGMAR: (*jout har in hân*) Oangenaam mei jo yn 'e kunde te kommen.

TAMARA: (*senuweftich*) Ja, ek sa. Ik bin ek hiel oangenaam om mei my yn 'e kunde te kommen. (*stroffelt oer har wurden*) Ik bedoel dat ik... eh... no ja, datsto hiel oangenaam bist.. eh (*krijt it wat benaud*)

INGMAR: (*laket*) Gewoan sykheljen bliuwe... Yn troch de noas (*Tamara docht dit demonstratyf*) en út troch de mûle. Just.


TAMARA: Ik bin sa bliid datst der bist, Ingmar. De need is hjir heech. Is mr. Reed der ek al?

INGMAR: Mr. Reed is dy fan dat oare programma. Ik bin fan 'De Rjochtfearde Rjochter' fan Omrop Fryslân. Mr. Broekmans kin hjir elk momint wêze.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407

TONEEL
UITGEVERIJ  **INK**

“Samenspelen” is ons motto